

JIERFERSLACH KRÚSPUNT 2013-2014

Bestjoer

Gearstalling en roaster fan ôftreden (foar fjouwer jier en ien kear werbeneaming)

2014 Douwe Gerbens, tuskentiids skriuwer	KFFB	2016 Toos Reichman	BERIEDSGR. EARETSJ.
2014 Liuwe Westra, Nijsjager	KFS	2016 Hinne Wagenaar, Foarsitter	NIJKL.
2014 Piet Miedema, Ponghâlder	KFS	2017 Geert v.d. Heide	YKFE
2016 Warner Veltman, 2 ^e skriuwer	FFF	2017 Jan J. Poutsma	DFE

It Krúspunt-bestjoer hat byinoar west op 14 maaie, 13 juny, 10 sept., 22 okt., 3 des., 14 jann., 25 febr.

Jiergearkomste 13 april 2013 yn Akkrum. Tema: De Geast sprekt alle talen

De middei stie yn it ramt fan *Meartaligens yn de Earetsjinst. Eelke Goodijk en Warner Veltman* spilen in toanielstikje (makke troch Eelke om te brûken op in gemeentejûn) oer it opsetten fan Frysk en/of in streektaal yn 'e earetsjinst. Op in fragelist koene de minsken de situaasje Frysk / Streektaal – Nederlânsk yn har eigen tsjerke ynfolje. It Kwartettekoar wurke mei en de middei waard ôfsletten yn de Terptsjerke mei de ferkiezing fan it nije Pinksterliet, dichte troch Margryt Poortstra. Tytsje Hibma en Eelke Goodijk wikselen harren bestjoersplak foar Geert v.d. Heide en Jan Poutsma. Douwe Gerbens bliuwt noch in jier sitten, om't dêrnei in fertsjintwurdiger fan 'e KFFB of in oare dielnimmende organisaasje beskikber is.

Webstee

Piet Miedema is de *webbehearder*. Hy set geregeld oanbeane berjochten, ynformaasje, oankundigings en nij materiaal op it webstee. Liuwe Westra is *nijsjager*.

Wurksomheden

It ferrûne jier hawwe de leden fan Krúspunt dwaande west mei

1. It skriuwen/ferstjoeren fan in fragelist en praatprogram as tema-ûnderwerp oer it brûken fan Frysk of in Streektaal op in gemeentejûn.
2. It skriuwen/ferstjoeren fan in hânwizer foar it brûken fan it Frysk/in Streektaal yn de Earetsjinst.
3. Alle tsjerklike denominaasjes in brief tastjoere oer gebrûk Frysk/Streektaal yn de Earetsjinst en it bekendmeitsjen fan Krúspunt.
4. It skriuwen/ferstjoeren Oprop op Pinkstersnein 2015 in Fryske tsjinst te hâlden yn it ramt fan de Betinking earste Fryske preek mei Pinkster 1915.
5. It meitsjen/printsjen/fersprieden fan in nije folder fan Krúspunt.
6. Bernard Smildepriis: Skriuwe/regeling nij Frysk (of yn Streektaal) Pinksterliet yn 2013.
7. Bernard Smildepriis: Skriuwe/regelje nij Frysk (of yn Streektaal) Krystliet yn 2014.
8. It opsetten fan de Krúspuntdei of -middei.
9. Oanfiterje NBG: De Sprutsen Fryske Bibel fan 1978 op ynternet.
10. Opsetten kursus Teology yn Fryslân:
 - Basiskursus oer taal en teology yn Fryslân mei in ferskaat oan tema's en dosinten
 - Basiskursus oer taal en tsjerke yn Fryslân mei in ferskaat oan tema's en dosinten
 - Kuierje mei God yn it spoar fan grutte geastlike foargongers

Û.o. Besite oan en foldere op:

- * Ynspiraasjebeurs Drachten (9 mrt. '13) * Oanbieding Fryske oersetting Heidelberchske Kategismus yn Frjentsjer (12 okt. '13) * Fryske Sjongoere út nijste Lieteboek yn Burgum (13 okt.)
- * Frysk Boun om Utens yn Hilversum * Op in jûn fan Rie fan Tsjerken yn Ljouwert

Útfefte fan

*Der wurdt wurke oan *Fryske Fespers it jier bylâns* troch Liuwe Westra (yn boek en/of op webside)

* *Feroarings yn Dongerdaam* Tiidrede oer Slútsnein Kristlik Frysk Selskip yn Burgum op 30-12-'12
(wurdt útjûn op 'e Krúspuntei yn Feanwâlden op 29 maart 2014).

Dielnimmende organisaasjes

Der binne no 27 dielnimmende organisaasjes fan Krúspunt:

Beriedsgroep Earetsjinst en Tsjerkemuzyk	Kommisje Fryske Fespertsjinsten Ljouwert
Deputaatskip Fryske Earetsjinsten (fm)	Kristlik Fryske Krite 'Dr. G.A. Wumkes'
Ferbân fan Fryske Foargongers	Kristlik Fryske Krite 'Gemma van Burmania'
FOW – Dongeradiel	Nederlânsk Bibelgenoatskip (NBG)
FOW - FOET Súd West Fryslân	Projekt Hânsume Help
FOW - Itens	Pylgergroep
FOW - Hjerbeam	Raad van Kerken in Fryslân
Frysk Boun om Utens	Stifting Kwartettekoar
Fryske Oekumenyske Wurkferbannen	Stifting Nijkleaster
Greidhoeketsjerkedei 2011	Tsjerkepaad
It Nijs (Rie fan Fryske Beweging)	Website- en redactiekie kerkblad 'De Binding' PKN
Intrada Muziekuitgave	Westerwert
Jabikspaad Fryslân	YKFE
KFFB	

Skriuwer *Douwe Gerbens*